



## **Toelichting**

### **Artikel 1:**

Dit artikel jout definysjes foar begripen dy't net omskreaun stean yn de Algemeine wet bestjoersrjocht.

*Dit artikel geeft definities voor begrippen die niet omschreven staan in de Algemene wet bestuursrecht.*

### **Artikel 2:**

Yn dit artikel wurdt de wurking fan de oardening oanjûn. De oardering giet ûnder oaren oer it beânderjen fan Fryske brieven en e-berjochten dy't oan it wetterskip rjochte wurde. De Oardering jildt foar alle bestjoersorganen fan it wetterskip.

*In dit artikel wordt de werking van de verordening aangegeven. De verordening heeft onder andere betrekking op het beantwoorden van Friestalige brieven of emails die aan het waterschap zijn gericht. De verordening geldt voor alle bestuursorganen van het waterschap.*

### **Artikel 3:**

Under bestjoersorganen fan it wetterskip wurde ferstien: it algemien bestjoer, it deistich bestjoer en de foarsitter.

*Onder bestuursorganen van het waterschap worden verstaan: het algemeen bestuur, het dagelijks bestuur en de voorzitter.*

### **Artikel 4:**

Yn 'e diskusje oer it Frysk yn it bestjoerlik ferkear spilet de fraach oft foar twataligens of dûbetailigens keazen wurde moat. Dûbetailigens (it brûken fan en it Nederlânsk en it Frysk) jout in konkurrinsjeferhâlding en it kostet mear tiid en jild om alles yn twa talen op te stellen. Twataligens docht rjocht oan it begjinsel fan lykweardigens, mar freget wol in bewuste kar yn eltse situaasje. Yn it ramt fan dizze oardering wurdt keazen foar twataligens.

*In de discussie over de Friese taal in het bestuurlijk verkeer, speelt de vraag of voor tweetaligheid dan wel voor dubbeltaligheid gekozen moet worden. Dubbeltaligheid (het gebruiken van het Nederlands en het Fries) doet een concurrentieverhouding ontstaan en het kost meer tijd en geld om alles in twee talen op te stellen. Tweetaligheid doet recht aan het beginsel van gelijkwaardigheid, maar vraagt in iedere situatie wel om een bewuste keus. In het kader van deze verordening wordt gekozen voor de tweetaligheid.*

#### **Artikel 5:**

De oardering giet út fan de algemien akseptearre útgongspunten foar regeljouwing oer it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear, nammentlik de lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk en it Nederlânsk as talen fan it offisjele ferkear yn Fryslân. Yn artikel 5, letter e binne dizze útgongspunten dellein en dêrmei ek it útgongspunt fan dizze oardering: it ferbetterjen fan de posysje fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear.

*De verordening gaat uit van de algemeen geaccepteerde uitgangspunten voor regelgeving aangaande het gebruik van de Friese taal in het bestuurlijke verkeer, te weten de gelijkwaardigheid en de gelijkberechtiging van het Fries en het Nederlands als talen van het officiële verkeer in Fryslân. In artikel 5, letter e, zijn deze uitgangspunten neergelegd en daarmee ook uitgangspunt van deze verordening: het verbeteren van de positie van het Fries in het bestuurlijke verkeer.*

#### **Artikel 6:**

In oersettingsregel is wichtich foar de rjochtsbeskerming fan net-Frysktaligen. Om't it net yn de reden leit dat der foarearst in soad stikken yn it Frysk fan in bestjoersorgaan fan Wetterskip Fryslân útgean sille, is der foar keazen om de oersettingen fergees te jaan oan de minsken dy't dêr om fersykje. Ek is fêstlein hokker ferzje yn gefal fan ynterpretaasjeferskillen de trochslach jout.

*Een regel ten aanzien van vertalingen is belangrijk voor de rechtsbescherming van niet-Friestaligen. Omdat het voornamelijk niet waarschijnlijk is dat de bestuursorganen van Wetterskip Fryslân veel stukken in het Fries zullen laten doen uitgaan, is er voor gekozen om de vertalingen gratis aan te bieden aan de mensen die daarom vragen. Ook is aangegeven welke versie in geval van interpretatieverschillen de doorslag geeft.*

#### **Artikel 7:**

Dit artikel jout oan in bestjoersorgaan fan it Wetterskip de mooglikheid om ôf te wiken fan de kritearia foar de taalkar yn it skriftlik ferkear, lykas bedoeld yn artikel 5 fan dizze oardering. Dizze mooglikheid jildt allinne yn bysûndere omstannichheden dy't harren net fan te foaren yn in regel fêstlizzende litte. Wurdt fan dy mooglikheid gebrûk makke, dan motivearret it bestjoersorgaan syn beslút om ôf te wiken fan de kritearia foar de taalkar.

*Dit artikel geeft aan een bestuursorgaan van Wetterskip Fryslân de mogelijkheid om af te wijken van de criteria voor de taalkeuze in het schriftelijke verkeer, zoals die zijn genoemd in artikel 5 van deze verordening. Deze mogelijkheid geldt alleen in bijzondere omstandigheden die zich niet vooraf in regels laten vastleggen. Wordt van deze mogelijkheid gebruik gemaakt, dan motiveert het bestuursorgaan zijn besluit om af te wijken van de criteria voor de taalkeuze.*

#### **Artikel 8:**



WETTERSKIP  
FRYSLÂN

Dit artikel is algemien en jout gjin oanlieding ta op- of oanmerkings.

*Dit is een algemeen artikel en geeft geen aanleiding tot het maken van op- of  
aanmerkingen.*